



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wirdum Fr e.o. Zondag 20 oktober 2019

Wolkom en meidielings



De âlderling fan tsjinst hjit elts wolkom. Ek gemeenteleden dy't de tsjinst folgje op internet en fannemoarn sa mei ús ferbûn binne.

Tsjinst fan de tarieding



Wy sjonge it iepeningsliet, Liet 130: 1, 2 en 3 (steande): *'Ut djipten rop ik, Heare, yn nacht en need oanein, yn triennen net te kearen: kom hastich, kom oerein!'*

Fotum en groet



Genede en frede fan God ús Heit en de Hear, Jezus Kristus. Wy bidde it gebed om ûntferming. Wy roppe tiidens it gebed mei inoar: *'Heare, ûntfermje Jo'.*

Om fêst te hâlden dat ús bidden heard wurdt en dat der Ien is dy't it lêste wurd hat oer de himel

en de ierde sjonge wy ús lofliet, liet 304: *'Sjong fan de Heit, Hy dy't yn 't grut begjinnen de minsken skoep, de bisten en de dingen, himel en ierde, wol Him hulde bringe: hâld Him yn ere'.*

Tsjinst fan de Skriften

Wy iepenje de Skrift en bidde meiinoar om de oanwêzigheid fan de Geast.



De earste lêzing is út Exodus 20: 1 – 7. Op dit momint is der in soad te dwaan oer 'regels en rjocht' en ek yn Exodus stean regels dy't al hiel lang meigean.

Wy sjonge liet 119: 1, 2 en 3: *'Wat in gelok foar dy't de rjochte wei begeane en har hâlde oan Gods wetten'* (Dit is eins in lofliet op de wet; in ferskil yn kultuur tusken de Bibel en ús)

De twadde lêzing is út Lukas 18: 1 – 8
De spanning tusken de werklikheid en de wet.

Wy sjonge liet 1010: *'O Hear, wol frede skinke, de wrâld is yn gefjocht. Hoe moai de wurden klinke, de sterkste nimt it rjocht'.*

Preek

Dûmny freget oft der ek bern yn tsjerke binne dy't him helpe kinne. Der komme twa bern



nei foarren en dûmny freget oft sy lêze kinne wat der ûnderoan op 'e Peaskekears stiet. De bern lêze in soart fan gebrûksoanwizing foar. Der folget in petear oer



regels en foarskriften.



As de bern wer sitte wol ds. dochs mar syn preek hâlde. Dizze gebrûksoanwizing op in kears jout oan dat der wat hielendal mis is yn de ferhâlding tusken regels en wetten en de werklikheid. Dat

sjogge wy no hast alle dagen yn protesten yn hokker foarm dan ek. Wêr komt dit wei en wat kinne wy deroan dwaan? Oeral is wolris wat en dat wurdt oplost. Dan wurde de regels oanpast om te soargjen dat it net wer bart. Mar dat helpt net. Sa ek yn it earste haadstik fan de Bibel: alles wie goed en der wie mar ien regel.. Dit leart ús dat wy fan tefoarren it gedrach fan de minsken net bepale kinne. Sa as yn dizze tiid. Der wurde ûnmooglike maatregels betocht, dy't minsken kapot meitsje, om wat te rêden. Wy moatte it rêden oan God oerlitte en fan Syn leafde fertelle. Wat Hy foar de minsken betsjutte wol en dat útdrage. Us probleem is dat wy it kwea fuortregelje wolle. Wy meie beseffe dat de wrâld en ús eigen libben yn 'e hannen fan God lizze en dêr te plak binne. God net loslitte mar krekt as de widdo yn Lukas sizze: God, meitsje it goed. Lit ús net falle. Rêd ús fan de ûndergong. As wy it sels dwaan wolle ferdwine wy yn 'e nacht, as minske en as ierde. Jezus seit: 'Sels in korrupte oerheid kin in kear goede maatregels nimme as je se op 'e hûd sitte. Hoe soe Gód jim dan yn 'e steek litte?' Lit ús it goede sykje en elkoar fêsthâlde yn it kontakt en it petear. En net ferjitte dat de rêding en it behâld yn 'e hannen fan God leit. Hy lit ús net los; as wy Him mar fêsthâlde. Amen.



Stilte

Wy lústerje nei pianomusyk

Wy sjonge liet 1008: 'Ivich rjochter, Jo dy't binne mei ûneinich ljocht beklaaid'

Tsjinst fan de gebeden en jeften

Wy bidde ús tank- en foarbeden en beslúte de gebeden troch meiinoar it 'Us Heit' út te spreken.

De blommen gean hjoed as groet fan de gemeente nei Jan en Alie Kalsbeek.

Kollekte: 1. Diakony
2. Tsjerklik wurk



Hjirnei sjonge wy it **slotliet**: Liet 871: 'Jezus is kening, syn regear stiet rûnom fêst. Hy is de Hear dêr't dei oan dei de sinne blinkt en nachts de ljochte moanne ús winkt'



Seine

Wy beantwurdzje de seine troch in trije kear songen 'Amen'

Medewerkers

Voorganger:	Ds. Liuwe Westra, Lollum
Pianist:	Mars van 't Veer
Ouderling:	Linda Jongbloed
Diakenen:	Tjitske Cnossen Jannie Lindeman
Koster:	Gerrit de Vries
Beamer:	Dick Wijbenga
Bloemen:	Lieuwkje van Lune
Verslag: CBB	Foto: ROB